

[0150]

PECCAVI IN PHONEMATICIS

Nei't de oant nou ta wiidweidichste biskriuwing fan de Fryske lûden yn har bitsjuttingsûnderskiedend forskaet forskynd is ²⁾, hawwe wy foar it fierdere petear in grounslach krige, dy't fuort wol net fan in brederen ien folge wurde sil. Ear't dat oangiet, moat ik om de wille fan de earlikheit en om dat petear net ûnnedich bitiisd to meitsjen tajaen, dat ik my forsind haw yn myn bioardieling fan de Fryske noaslûden, foarsafier't it gong om har fonematyske forklearring. Dat forsin is bigoun mei *De fonematyske funksje fan de nasalearring yn it Frysk* yn U.W. III s. 52-53 en biëinge mei de *De foneemwearde en de stavering fan de nasaliteit* yn U.W. VII s. 60-62. S. Chatman en Fr. van Coetsem hawwe dus gelyk hawn, doe't hja seine, dat it noaslûdige yn lit ús sizze „(dou) *winst*” net oars wie as in oare forskiningsfoarm fan de forbining *-in* yn “(ik) *win*”, dy't to tankjen is oan de hoedanichheit fan it op 'e *n* folgjende bylûd. Hwat it forskil yn lingte oanbilanget, dat bringt gjin tsjinstellingen by yn 'e bitsjutting. Der is alles foar en neat tsjin om dizze bihanneling fan de noaslûden ek ta to passen op dy wurden, dy't net yn in rychje steane lykas *ik win, dou winst* ensfh., dus b.g. op it haedwurd *winst*.

Ik haw yn myn diskusje mei Van Coetsem ek de stomme *r* bihelle en siet eigentlik hwat mei in gaedlike oplossing foar it weiwurden fan de stam-*r* yn biskate bûgingsfoarmen by tiidwurden lykas *warre*. Ik bin der fan oertsjûge, dat de stomme *r* gjin fonematyske wearde hat en dat wy yn in haedwurd lykas *wart* trije fonemen hawwe; dat út dy reden yn it bûgingsrychje *ik war my, dou warst dy, hy wart him* it alderbêste twadderlei stamfoarm oannommen wurde kin: *war-* en *wa-* [va]. Dy foarmen kinne nearne foar elkoar ynfalle, mar folje elkoar oan troch it hiele bûgingspatroan hinne.

Teake Hoekema.

2) Ik mien K. Fokkema syn haedstikken V en VI yn *Fonologie van het Nederlands en het Fries; inleiding tot de moderne klankleer* ('s-Gravenhage, 1959).